

Dr. G.A. Wumkes: Paden fen Fryslân.  
Een verzameling artikelen uit verschillende Friese tijdschriften.  
Mei in register fan syn âldste soan Dr. D.A. Wumkes.

deel 1:

- pag. 108: Proeliarius (of striidboek) van Paulus Rudolphi. Ben. monnik te Stavoren (wrsch. Hemelum).
- pag. 282 t/m 287. Dit gaat over ds. Adam Westerman. Hij was o.a. ds in Stavoren. Van dit artikel, In âld Sémansboek, is een copie bijgevoegd.
- pag. 317: Eelco Tinga werd ds in Stavoren in 1786. Later prof in Franeker en Groningen. Schreef Fries gedicht.
- pag 326: In het provinciehuis te Leeuwarden hangt een kaart van 51 bij 176,5 cm. Deze stelt voor de zeedijken van Wymbritseradeels c.a. contributie en van H.O. met toebehoren in het jaar 1659. Hierop staan ook gezichten op Koudum, Warns, Workum, Hinde-loopen, Molkwerum, Staveren en Skarl.  
Verder een opdracht van de dijksbesturen aan Meynert Douwes uit Sneek en Jan Jacobs Haersma, secretaris te Stavoren, beide landmeters van het Hof. Zij moeten de dijken vanaf Het Rode Klif tot aan het Ferwoudster hek opmeten in Koningsroeden en verdelen over de steden en dorpen.
- Pag. 349/250. Wilhelmus á Brakel. Hij was pred te Stavoren van 1665 tot 1670. Het lukte hem weer een tweede pred. in Stavoren te krijgen. Albertina Agnes betaalde, schonk, het tweede trakt. W. van Brakel stond het bestaande vaste traktement af voor de tweede pred. en waagde het zelf met het hoftraktement, dat minder zeker leek. Het was immers afhankelijk van personen en tijden. Zijn vader was ook pred. en bevriend met de fam. van de stadhouder.  
Later was hij pred. in Harlingen, Leeuwarden en Rotterdam.  
Hij schreef: "De Reedelijke Godsdienst". Dit boek beleefde 25 herdrukken en werd tot aan het begin van de 20 ste eeuw gelezen.  
Over hem "W. á Brakel" van T.J. Los N.B. Wdb 4, 281 uit 1892.

deel 2.

- pag. 46. Jan Ernst Schut(1783 - 1836 )schreef in 1833 de historische roman "Galama of de bevrijding van Friesland"
- pag. 82. H.J.Schimmel publiceerde in 1852 in Aurora het gedicht "Stavorens Val"
- pag. 90. Hier staat, dat in De Fryske Folksalmanak versch. romantische gedichten staan o.a. in 1837 "De rijke weduwe van Stavoren van Wopke de Jong.  
in 1838 "De verwende kinderen van Stavoren" vamn mr. A. Telting.

deel 3.

- art. 23. Bea om help foar St. Odulfuskleaster to Starum (1371). Copie bijgevoegd.
- art. 27. Brief fan Paulus Rudolphi, Benediktijner munts yn it St. Odulfuskleaster to Starum. (1518). Uit Proeliarius copie bijgevoegd.
- art. 42. Oer Joachim Hopper. Uit C Schotanus. Beschrijvinge van de heerlijkheid Friesland. copie bijgevoegd.
- art. 82. De eerste trep van het bernskip yn Christus van Theodorus á Brakel. Uit zijn boek "Trappen des geestelijken levens". uit 1670. Zie copie.
- art. 83. Utein fan Theodorus á Brakel. Toegevoegd aan "trappen des geestelijken levens". Zie copie.
- art. 99. "Oer it sjongen". Uit "Reedelijke Godsdienst" deel 2 van W.á Brakel. Zie copie.

Stads- en Dorpskroniek van Friesland deel 2. Van 1800 - 1900.

Dr. G.A. Wumkes.

1803 - mei 21.

Verschenen bij I. Verwey te Workum: Kerklied om gezongen te worden op de dank- en bededag, door P.D. Visser, gering zeilmakersknecht te Stavoren, op de wijze van psalm 106.

1805 - mei 29.

Verkoop bij D. Romar te Franeker de bibliotheek van wijlen W. Keuchenius, doctor en convooimeester te Staveren.

1805 - juli 20.

Verkocht in de Witte Arend te Staveren 4 pondematen greidland, geheten Oostermonnikeveld aldaar.

1809 - april 19.

Aanbesteed het uitwegen van alle oude palen en het achteroverwerken van de aarden wal te Staveren.

1814 - dec. 3.

Verkocht in de weeskamer te Staveren het voormalige arme- of weeshuis aldaar.

1816 - jan. 22.

Dr. A. Koopmans te Staveren, die te Londen onder leiding van bekwame artsen met koepokstof had gewerkt, houdt in de L. C. een warm pleidooi voor de vaccinatie, noemt ze een zaak der gehele mensheid en citeert het woord van Marcus Hetz te Berlijn: "Het enten is geen twijfelachtige zaak meer, zij is de zekerheid zelve, waarvan men buiten de mathesis bezwaarlijk een gelijke kan voortbrengen en ik reken het evenzeer een plicht de kinderen te enten als ze niet hulpeloos te laten, in hun behoeften te voorzien en spijs en drank te geven".

1817 - sept. 24.

Ds P.W. Veenstra te Sneek reikt in de Grote Kerk aldaar, namens het Nutsdepartement eerbeloningen uit aan 3 vissers uit Staveren voor het redden van drenkelingen.

1819 - mei 21.

Gevraagd een dokter-chirurgijn-vroedmeester te Staveren op een inkomen van f 125.

1820 - juli 29.

De prins van Oranje komt 's morgens 4 uur met een jacht van Amsterdam te Lemmer, geeft daar audientie aan allerlei corporaties, komt ten huize van de grietman Andringa de Kempnaer en zet zijn reis te 10 uur voort over Staveren naar Hindeloopen. Daar wordt hij verwelkomt door de burgemeesters D.J. Duif en J. Alderts en door 6 juffers in de oude klederdracht. Over Workum en Sneek begeeft Z.H. zich naar IJsbrechtum enz.

1822 - febr. 18.

Aanbesteed te Amsterdam door de Marine-Kommandant de reparatie aan de Kerktoren te Staveren.

1824 - april 13.

Geveild een stadshuis aan de Voorstraat te Staveren en een huis voor school gebruikt door de onderwijzer Jacob Hyltjes Fortuin aldaar.

1835 - jan. 9.

De kerkvoogden der Herv. Gemeente te Staveren roepen alle eigenaars van graven op wegens de vervallen toestand der grafstenen in de Kerk

1845 - juli 31.

Verkoop der 2 klokken van Staveren, de ene wegende plm. 1176 Ned. ponden, ong. 1 el 22 duim wijd en 1 el 27 duim hoog, met deszelfs ogen, versierd met lofwerk en omschrift, waarvan het jaartal is uitgedrukt naar de uiterlijke kentekenen 1223; de andere wegende plm. 793 Ned ponden en omstreeks wijd 1 el 10 duim, hoog 1 el 24 duim, versierd met sierlijk lofwerk en omschrift. Anno 1488.

1860 nov. 8.

Aanbestede het afbreken en het weer opbouwen van een nieuwe Herv. Kerk te Staveren.

1869 - mrt 18.

Fries vers in de Bolsw. Cour. van J.K. Holkeboer te Staveren.

1888 - juni 29.

Aanbestede het afbreken der oude en het bouwen van een nieuwe Herv. pastorie te Staveren.

1899 - mei 11.

Lezing te Staveren over Neerlands Visserij door J.J. Zier Visser te Alkmaar

den hja him en smieten it lyk fen boppen út it finster yn 'e grêft.

Yn 'e iere moarn hearden allegearre de tyngje fen 'e moard troch in frou, dy't dêr lâns kommen wier en de wite kleen yn it each krige hie. De opskoer dy't dat joech wier great. It deade lichem fen 'e hillige man waard oerbrocht nei it kleaster, dêr't it oan 'e noardkant fen it konversekoar biêrdige waard.

De moardners krigen se troch de liepens fen in haedling út it doarp Boksum yn hannen. Oan peallen slein, stoaren hja de fjûrdea. Hjar liken waerden yn saden smiten. As hounen binne hja bigroeven. De stins is mei de groun lykmakke. Al it lân is, hwa wit ho, yn oare hannen rekke. Ek binne alle rjuchtstitels fen 'e eigendommen forlern gien. By it tohóbringen forhearde de abt, nei it lichem stoarn, mar nei de geast loksillich foartlibjend ûnder de himellingen, de beaën fen 'e Boerster boeren, en hy seinge it tsjerkhof mei in mylde himelrein. Neityd hat hy, dy troch syn fortsjinstlik libben dochts al in rop fen hillichheit hie, sa't der sein wirdt, dy yette greater makke troch in mannichte wûnders.

Yn it jier 1428 is de abt yn in prealgrêf byset op it heechkoar.

De oergrousume moard is bard yn it jier 1332, de deis foar Maria Boadskip.

### 23. Bea om help for St. Odulfuskleaster to Starum (1371).

Anth. Matthaeus, Analecta Medij aevi, III, p. 478-79.

Arnoldus, troch Gods genede bisskop fen Utert, oan alle leauwigen fen ús bisdom ta hwa dit brief komt, fen hokfor gesach, weardichheit, steat en tastân ek, ivich heil yn 'e Heare.

Oermits wy allegearre neffens it wird fen 'e apostel stean scille foar de rjuchterstoel fen Christus om to ûntfangen itjinge wy yn it lichem dien hawwe meije, itsij goed of kwea, sa is it nedich dat wy dy deis fen 'e rispinge foarkomme mei wirken fen barmherticheit, en mei it each op 'e ivichheit útsiedzje hwet wy mei formanichfâldige frucht fen 'e leanjende Heare rispje kinne yn 'e himel. Dêrom, nou't wy yn wierheit bifoun hawwe dat de beide toerren en in great diel fen it Sint Odulfuskleaster to Starum, det fen 'e oarder fen Sint Benediktus is en ta ús bisdom heart, hokfor kleaster

ûnder alle tsjerken en kleasters fen Fryslân fen âlds forneamd is, ja it earste is, mei in mannich gebouwen dêr tichteby troch de oanhâldende oanfallen fen 'e sé en fen 'e stoarmen ynstoart binne, en ek it oerbleaune diel de ynstoarting wankt, en it kleaster troch de oerstreamingen, it djûre libbensûnderhâld, fé-pest en oare rampen bûtendien sa forearme is fen ynkomsten en opkomsten det der yn it ûnderhâld fen it kleaster en yn 'e kost fen 'e múntsen, dy't God dêr tsjinje yn 'e fierste fierte net forsjoen wurde kin, as det kleaster en dy múntsen net stipelearre wurde troch de yelmisen fen 'e leauwigen, sa bidde, bringe yn it sin en formoanje wy jimme allegearre yn 'e Heare, en gebiede jimme út krêft fen 'e hillige hearrichheit, en lizze it jimme ta forjowing fen jimme sünden heilsom op dat jimme mei it each op Gods goedens de ôfgesanten fen dat kleaster, hwennear't hja mei dit brief fen ús ta jimme komme om yelmissen to freegjen, goedginstich en sûnder hokfor bitingst yn jimme tsjerken ûntfange scille en ûntfange litte scille, wylst jimme de yelmissen dy't hjarren jown binne net mei hjarren hawwe to dielen; fierders dat jimme, as hja jimme dêrom forsiikje, hjar ûndernimmen en de ôflaten dy't hjarren, lyk as jimme bikend is, tastien binne, de leauwigen dy't God jimme tabitroud hat op in heilsome wize bikend meitsje, en dy leauwigen troch fromme en heilsome formoaningen oantreastgje om fen it goed dat God hjarren jown hat niisneamd kleaster en niisneamde ljue yelmissen en swiete help fen 'e ljeafde to jaen, jimme it bifoarderjen fen dizze saek sà hâldend en dragend dat jimme troch dizze en mear soksoarte goede deden, dy't jimme mei Gods help dwaen meije, reitsjekinne ta de blydskip fen 'e ivige sillichheit. Wy lykwols, bitrouwende op Gods barmhertichheit en op 'e fortsjinsten en it gesach fen 'e sillige altyd faem wêzende Maria, fen alle hilligen en fen ús tige weardige patroan, de sillige Martinus, jowe alle woldwaners fen it hieltyd neamde kleaster en de bifoarders fen niisneamd foarmimmen, mits hjar wier boetfeardich binne en bychte hawwe, in kwytbrief fen fjirtich dagen fen de boetewirken dy't hjarren oplein binne. boppedat biskiedende dat de abt fen forneamd kleaster of syn ynfal-lers ûnder dit opsicht gâns macht hawwe om moardners, dealizers fen bern of hwaens bern troch neilttigens of sleauwens omkommen binne yn it wetter of it fjûr, as hja wier boetfeardich binne, ab-solusje to jaen; hjarren dy't itsij ta boete itsij troch biloften boun

binne ta 40 deiske, jierlikske of oare fêsten, fen hjar 40 deiske, jierlikske of oare fêsten to ûntslaan, al nei't hja help oan foarneamd kleaster jowe of yette jaen scille, en de biloften fen alle pylger-tochten, bihalven nei it hillige lân en nei St. Piter en Paulus en nei St. Jakob, op in froede wize to forwikseljen, en ôfkeapingen fen biloften ta tsjinst fen forneamd kleaster op ús gesach oan to nimmen.

Jown to Utert it jiers fen ús Heare 1371, de deis fen Sint Marten, yn 'e moanne Novimber.

#### 24. De stifting fen it kleaster Thabor (1408).

Ut Woerp van Thabor, Kronyk van Friesland, Leeuwarden, 1850, boek IV, bl. 7—9, skreaun om 1530 hinne.

Nei't dat allegearre bard en hear Rienck Bockema wer út Hol-lân thúskommen wier, en syn dochter Hisse nou in man jown hie (Agge Harinxma), waerd er fen doel nei to kommen hwet er eartids al lang yn 't sin hawn hie, to witten dat er in kleaster woe fen goede reformaesje en religy, fen 'e Reguliersoarder. Hwent de Reguliersoarder bigoun do to Windesheim by Swolle yn it Sticht ûnder it folk to baernen en to ljochtsjen yn godlike ljeafde en in deugdsum libben, lyk as in kears it tsjuster forljochtet. Der waerden in mannichte kleasters fen 'e Reguliersoarder herfoarme en op 'e nij grounfêste, yn alle lannen, en soks op forsiik, by bigearte en mei help fen lãnshearen, geastlik en wrãldsk, stêdden, mien-skippen en oare edelingen. Dérom hat hear Rienck Bockema syn goed idé en foarnimmen to witten dien oan ytlíke stille frjeonen. dy't him ûnthieten, as hy dêrta bisleat, help en bystãn jaen to scillen yn jild en yn lân.

Yn it jier fen ús Heare tûzen fjouwer hûndert en seis, de twade Sneins nei Peaske, dat wier do de 24ste deis fen April, hãldden de Regulieren hjar kapittel yn it kleaster to Windesheim. En dêr is hear Rienck hinne reizge, it kapittel oanbiedende in steed fen syn lân to Ijsbrechtum, dêr't hja mei syn en oare goede ljue's help op syn lân in kleaster fen hjar oarder stiftsje mochten, bigearende dat hja broerren fen in deugdsum libben en dêrfor birekkene stjûre scoene. Dat is sa bard.

Yn it foarseeine jiers, de saunde deis fen Juny, bigoun hear Rienck

binne wy ta ús fordigening mei hjarren forienige en forboun, wylst by alles altyd biwarre is de hearrichheit, ûnderdienichheit en earbied oan ús superieuren.

Wy smeekje den mei dimmenheit jins hillige keninklike Majesteit, by de yngewanden der barmhertichheit fen Jezus Christus ús For-losser en by de fortsjinsten fen de gloarjefolle en suvere Faem Maria syn mem, det Jo net bislute — op it ynblazen fen somliken dy't frede, gerjuchtichheit en wierheit net útstean kinne — læst to jaen om de tsjerke fen God en Syn tsjinstfeinten, dy't nachts en deis for it heil fen kening en keninkryk bidde, fen de boppeneamde fordigening los to meitsjen of losmeitsje to litten en oer to jaen ta plondering en bút oan de boppeneamde dogeneaten, hwet God fen it herte fen de Keninklike Majesteit ôfkeare en fier forwidere hãlde mei, lyk as wy ek net twivelje det barre scil.

En om alles, hwet hjir sein is, to bifêstigjen en to bitsjûgjen, hawwe wy bisletten it segel fen ús kleaster mei ús eigen segel hjir-oan to hingjen.

Yn it jier des Heare 1494, 4 Maert.

#### 27. Brief fen Paulus Rodolphi, Benediktiner munts yn it St. Odulphuskleaster to Starum (1518).

Ut: Proelarius of Strijdboek, bevattende de jongste oorlogen in Friesland. Oerset út it Latyn troch dr. J. G. Ottema, Ljouwert, 1855, p. 1-7.

Oan 'e yngodfreezjende, earwearde heit en hear Otto Van Haeffen fen 'e oarder fen 'e hillige abt Benedictus to Egmond, syn heecheale biginstiger, winsket Paulus Rodolphi fen Rixtel, fen deselde oarder to Starum, alle heil.

It hat de earwearde heit en hear abt fen Starum, Jacobus van Oest, hage, o heechachte heit! to boek to stellen yn hokfor gefaer it kleaster fen 'e hillige marteler Odulphus by Starum en de steat fen 'e Friezen forkeard hawwe, dat it tsjintwirdige, mar binamen it takommende slachte fornimme mocht, dat de minsken fen dizze ieu neat ôfwykt binne fen hjar âffears paed, mar lyk as de mannen fen dy tiid west hawwe rê ta de wapens en tigers allyk toarstich op minskebloed, sa't it oantinken fen 'e âlden ús leart. Sa, hawwê ek wy dy't oan nou ta libje bifoun, dat ek yn dizze tiid

sahwet allegearre ûnderinoar skeel hawwe, alle godlike en minsklike dingen troch alle mûglike partijen, oarloggen en strideraesjes yn ûnstjûr brocht wurde, en hast alles driuwt fen Christenbloed. Dêrom, tinkt my, is net sûnder reden, dat de steat ôf bineare wurd troch ivich dûrjende wapens, ôf as dy dellein wurde, hwet tige komselden bart, in skoft wer opbloeit. Dat ik bin fen bitinken, as ik dat mines neame mei, men moat it ûnk fen 'e tiid net ûnfordildich drage. Gjinien moat, scoe ik sizze, treurje om itjinge allegearre oerkomt. Hwent hokker froed en fornimstich ûndersiker fen 'e skiednis scil him forbylde dat er bigripe kin, hwet der yn ús, ik swij fen 'e forline dagen, bart? Hwa scil ea mei eptiger soarch of trefliker wolsprekendheit biskriuwe, dat de neiteam der net ûnkindich fen bliuwe mei, ho swier de minsken fen dizze tiid to sêdzjen binne mei bloed en moart?

Dêrom hat de niisneamde hear abt der net op út west alles to biskriuwen hwet der bard is, mar datjinge fen it tiidsbarren dat er bifoun hat de moeite wurdich to wêzen. Hy hat de wrede moarden en plonderingen fen 'e Friezen biskreaun, en fierders yn dit boek opnommen it kommen en fortsjen fen 'e beide hartoggen fen Saksen, to witten Albert en syn soan George — hwent it Fryske folk hat net oan 'e hearskippij fen mear foarsten út dat lân ûnderwirpen west — dy't in jiermannich it heechste biwâld yn Fryslân oer-mastere hiene. De earste fen dy hartoggen, ôfmêd troch in lange bilegering fen 'e stêd Grins, is tige siik wurden en yn Fryslân stoarn. Do is it bistjûr fen 'e steat oan syn soan George kommen. Dêrnei is de oarloch in set ophâlden, oant gûdden, hwa't de lange frede bigoun to fortretten, de hartoch wiismakken dat der nou greate kâns bistie om de stêd Grins yn to nimmen. Dêrom binne de wapens wer opnommen tsjin Grins, en de Friezen bineare mei forskeate jildôfparsingen. Dêrom hat de hear abt syn pinne hwet skerpe tsjin de hounen fen it paleis, ik bidoel dy goddeleaze keffers, de oanstokelders fen dat ûndernimmen, troch hwaens ynblazingen de trochlofte foarst, oars in tige wiis en deugdsom man, him bi-drage liet, en sadwaende it moed fen it Fryske folk, det great giet op wiere frijheit, net mei evenredigens en ljeafde oan him boun.

Boppedat, do't immen dy foarst warskôge, hy mocht it folk, dat al oan reaps ein wier, hwet sêfter bihannelje, moat er antwirde hawwe: „Witte jo den net hwet de beide swirlden bitsjutte dy't op

'e nije gros stimpel binne? Myn heit hat Fryslân mei it swird oerwâlde en mei syn sterke hân ûnderwirpen, dêrom is alles hwet dit folk hat mines.“ Wier, dat is de tael fen in man dy't gjin ljeafde winne wol, mar haet. Dêr bigoun it fjûr fen 'e hiele Friezene ôffal fen 'e hartoch den ek allinkendewei út op to lôgjen. En in great diel fen it Fryske folk hat de hartoch fen Saksen forlitten, en him jown ûnder it biwâld fen 'e hartoch fen Gelre. Lykwols binne der gûds dy't alle skild op syn riedsjue smite, dêr't dy wrede ôfparsing fen útgjen wier. Ommers, hja liken de skiep net to skearen, hwet in goede hoeder syn wirk wis is, mar to strûpen. It is den ek gjin niget dat hja dy't hjar net hâlden en droegen hiene as goede mannen, dat is as mannen dy't it heitelân ljeavje en net forwoaste, ek net as fromme en earlike mannen stoarn binne. Mei hokfor skande forskeate fen hjarren de straf, dy't hja in rek ûntflechte wierne, ûndergjen hawwe, it foaget ús nou net dat op to ikkerjen, binammen net om't soks lang en breed troch de hear abt dien is. Nammers der ûntkaem him net folle fen hwet der oan it hôf fen 'e foarst fen Saksen foarfoel. Hwent hy hie by de hartoch sels en by de hovelingen gâns ynfloed, en stie yn hege achting by him. Alhowol, yn 'e lêste tiid hat it lot, op him forgrime, him net skamme falske bitigingen tsjin de earwearde heit út to struijen, en him by de hartoch fen Saksen en gouverneur fen Fryslân op in kwea namme to bringen. Dêr kaem yette hûslik skeel by, dat ek yn dit boek biskreaun is, hwet troch de godfreezjende man, oan alle kanten bineare, needsake waerd út to wiken nei Egmond. En dêr is er foar it foltôgjen fen dit wirk stoarn. Om nou de frucht fen 'e flyt fen sa'n great man, like wier as myld, net ûnfol-slein to litten, haw ik, alhowol hielendal net mânskernôch for de ûndernimming fen sa'n wirk, op jins forsiik, earwearde heit, der de lêste hân oan lein.

## 28. Greate Pier.

Historie van Vriesland door Peter Jacobsz van Thabor of Petrus Thaborita, yn H. W. C. A. Visser en H. Amers-foordt, Archief voor Vaderlandsche, en inzonderheid Vriesche Geschiedenis; Leeuwarden, 1827, II, 259—263.

Itselde jiers fen 1520 is forstoarn Greate Pier, yn Sint Lucas-

eigen Midler en Sillichmakker, op hwa allinne hja nou hjar treast en sillicheit sette. Eartiids wier it sa: de iene hie net genôch bychte, den wier dy sûnde forgotten, den moast it hjirhinne, den nei Rome, den nei Sint Jakob to Kompostelle, ensfh., den dy bea-feart, den dy mis, den dy pylgertocht. Yn 't koart: de earne herten hawwe tige ûnrêstich west. En ho is it nou, myn alderbimindsten?

Hwet wûndere krûden der wêze meije, dochts is der gjinien sa kostber, sa krêftich as dit earne en ûnnoazele mostersiedtsje.

## 42. Oer Joachim Hopper.

C. Schotanus, yn Beschryvinge van de Heerlyckheydt van Frieslandt, bl. 214.

Koart dêrop folge de eare fen it dokterskip, ta hokker forneamde plechtichheit gâns frjeonen út Fryslân, lyk as presidint Viglius en Gale Hoppers, syn omke, boargemaster fen Starum, oerkamen. Thús kommen naem er ytlieke studinten by tafel, dy't er om himsels mei to oefnen, privaet ûnderjuchte. Hy lies yn 'e foarein fen syn hûs ek de Timaeus fen Plato, mei in greate tarin. Hwent oaren dy't net by him ynwennen, liet er ek ta om him to hearren. Sa bikend troch syn ûnderjucht en syn advizen en yn 'e giûst rekke fen 'e greate, waard er keazen yn de greate rie fen Mechelen, dêr't Viglius presidint fen wier, dêrnei ta geheimrie en rie fen Steat. Mei kardinael Granvelle en Viglius waard er yn hege saken brûkt. Dy trije wier opdroegen it oprjuchtsjen fen de hegeskoalle to Douay. De beide oaren joegen hjar oarders wer oan him, dat dy universiteit hat him troch alle tiden yn oantinken hâlden as stifter en heit. Dêrnei, do't Carel Tisenach, dy't de kening mei it taforsjuch fen de Nederlânske saken yn Spanje bilêstige hie, wer nei hûs ta woe, is Joachim Hopper, om syn plak yn to nimmen, op oarder fen de kening 2 April 1566 nei Spanje reizge, littende syn frou en bern to Brussel, dêr't er se neityd wei ûntbea. Foart nei syn ôfreis (5 April) waard it forsûkskrift fen de Nederlânske edeljue by de lânfaldesse ynlevere, hwer't de opstân op folge. De kening ûntfong him tige frjeonlik, en bijeftige him mei de wear-dichheit fen oerste rie fen 'e Nederlânske Steat en keninklik segel-master. Syn flyt, oprjuchtens en bilied hagen de Spanjerts en de kening, dy't him ûnforsjoens to hear fen Dalem makke en him in

jacht foreare op Gaesterlân, ek ridder sloech en it rjucht fen gouden spoaren joech, mei deselde steatlikens en deselde deis as Jan fen Eastenryk. It wirk fortarde de man. Nei in forbliuw fen njoggen jier yn Spanje wied er sa ôfbodde dat er gjin iten mear fortarre koe. Twa ûren foar syn dea, do't er fielde dat it ôfrou, stjûrde er in forsegele brief oan 'e keninklike majesteit, forhelle dêryn op it wiidweidichst útwerke, syn plichten ta tsjinst fen 'e kening en it miene bêst, bea syn majesteit oft it him haegje mocht nei syn dea it each to hâlden oer syn ljeave frou en ûnrounige bern, dy't er altyd minder rekkene hie as de lânsaken, lyk as er hillich foar God forklearre, sei syn majesteit goenacht, him alle goed tawinskjende. Do't de dead kaem, liet er nei seininge fen sibben en bern yn syn sliepkeamer de mis bitsjinje. En do't it lichem des Heare, lyk as se soks yn it Pausdom neame, dêrby opheve waard, joech er it lichem mei krêft oerein, naem de mûts ôf, skoude de gerdinen fen siden en eare it sakramint. De preester hie de albe noch net útdien of hy joech de geast, 25 Desimber, binnen Madrid, yn it jier 1576. Do't de kening syn forskieden fornaem, stjûrde er in ealman nei de widdou, dy't oansei: Syn majesteit fielde de smert oer hjar mans dea, gebea hjar en de wezen moed to hâlden, hy scoe for hjar soargje en as in heit op 'e wezen tasjen. Dêrnei do't de widdou en de bern wer nei Nederlân ta woene, joech de kening hjarren toalve tûzen goune ta reijsjild, en tûzen jiers om for de stúdzje fen de bern ûnbikommere yn Keulen to wenjen, oant it ein fen de Nederlânske roerichheden in gaedlik weromkommen yn it heitelân tastean mocht.

Joachim Hopper wier in man fen in evenredige geast, bikennend de lekken en brekken fen de Tsjerke en hoopjende op forbettering. Dêrom hied er safolle op mei it wirk fen Georgius Cassander, hwa't er 12 Okt. 1562 syn oardiel skreau oer it boek „De officio pii hominis” (Oer de plichten fen in godfreesjend minske): „Lykwols wit dit, dat ik dit boek sels net allinne flitich lêzen haw, mar ik ek út-wirke, en dat in hiele manniichte it lêzen, tastind en priizge hawwe. Hwent lyk as ik fen naturen hâld fen frede en rêst en soks yn it iepenbier en it persoanlik libben faek útkomme lit, sagoed as ik kin, sa bin ik wûnder ynnommen mei de taliz fen dyjingen dy't opsteane as skriuwers en lieders om de Tsjerke to bifêstigjen en to fredigjen. Och dat de faders fen Trente ytliken fen sokken by hjar ûntbiede

lieten! Hwent den scoe ik bitrouwen hawwe dat it troch hjarren ta in útwirking kaem dat de Tsjerke net allinne fen forkearde tinkbylden, mar ek fen kweade seden suvere waerd, dêr't it wolwêzen fen de Christlike republyk allinnich yn bistiet. Oer dy stof is yn dizze provinsjes to wrâld kommen in net ûngaedlik boekje sa't it liket, en net frjemd fen jins oanliz en aerd. Dat scil ik oerskriuwe litte en jo taskikke".

Sa binne der folle ûnder it Pausdom stoarn, herfoarme yn it hert of longerjend nei in suvering, mar forsokate bannen, sawol fen minsklik ynsoch as fen biswiering yn it moed, hawwe hjar tobekhâlden, det hja yn it iepenbier net útgean koene.

### 43. Fragen fen Orck van Doajium (1584).

Acta synodi Harlingensis 5 Maije 1584 yn Acta der Provinciale en particuliere synoden, ed. J. Reitsma en S. D. van Veen, dl. VI Groningen, 1897, bl. 13-14.

1. Oft it net goed wêze scoe, dat in goede en trouwe oersetting fen de Hillige Skrift it folk fen 'e preekstoel foarlêzen waerd, en dat dy baten heechwichtige redenen net bilekskôge wurde mocht, om yn 'e herten fen 'e tahearders gjin epikureeske en libertynske foraching fen Gods skreaun wird towel to bringen.
2. En det altyd yn 'e preken mear achtslein wurde mocht de stichting fen 'e ienfâldigen en ûnlearden as fen 'e learden, omdat it tal ûnlearden folle greater is as fen 'e learden, en dat it in oare saek is yn 'e skoalle to learen as yn 'e tsjerken.
3. En dêrom ôf to sjen fen fornimstige biwizen en gjin ein, itsy dat dy jown wurde yn 'e foarm fen in syllogisme (einbislút yn trij: dielen) of fen in enthymema (einbislút yn twa dielen), en fen fordielingen en ûnderfordielingen, dy to djipsinnich binne om it ûnt-hâld fen 'e tahearders net oermiette to biswierjen.
4. Ja, ek ôf to sjen fen sizwizen dy't latynsk binne of in grim-mank fen latyn, en sadwaende allinne forstien wurde kinne fen dyjingen dy't de latyske sprake machtich binne.
5. Oft it ek net tsjinstich wêze scoe, dat yn 'e deistige gebeden dy foarm brûkt wird dy't nei lang biried en ryp oerliz fêststeld is fen godsillige en heechbijeftige mannen, oan 'e icne kant om't it licht barre kin dat sljuchtwei learaers hjar dêryn misgeane, b.g.

hokfor wanskepen en ûnoarderlik tsjieren faek útrjuchte wirdt. Lykwols it is nou de tiid en it plak net fen kleijen en suchtsjen, en misfouten op to heljen en der de earen fen jimme Ealmogenden en Jins Trochtoftichheit mei to foljen; earne oars moat dat mar bidispetearre en bistraft wurde. Mar ús faksjes en roerichheden hjoeddeis sleepe in gefolch mei fen ûnsizber kwea.

It gloarjepunt fen Fryslân wier for Schotanus de ljochtsjende tiid fen 'e Reformaesje. Hy neamt dizze in omkear as fen in Woastenije ta in Paradys. En den bislút er syn Ta-eigening mei de bea: Lit Gods Namme tank brocht wurde for syn biwizen fen goedens en gerjuchtigens, for syn forlossing en seinings. Litte syn woldieden biandere wurde mei in from en evangélysk libben ta wiisheit, lok en foarspoed, to'n bêsten fen it heitelân.

Ik haw it net sûnder bilang achte, ien en oar hjir letterlik wer to jaen, binammen om de gedachtesfear kennen to learen fen in 17de ieusk Kalvinist, dy't lyk as Gysbert Japiks, de heechst bilangen fen it heitelân op it herte droech.

### 62. In âld Sémansboek.

It lot fen in lân hinget in bulte ôf fen syn lizzing. Det is ek fen tapassing op it âffaers erf. Ieuwenlang hat it hast gjin diel útmakke fen Jeropé's fêstelân, mar as in ienlik skiereilân lein oan de Noard-sé-igge. Fryslâns grinzen waerden net ûnwis oantsjut troch in tinkbyldige roalline, mar wierne skerp ôfbeakene. Dêr't de sé net spielde, wier it nei it Easten ôfsletten troch einleaze feanen, sompen en heidefjilden. Fryslân koe gjin hope hawwe en gjin plannen meitsje om op it fêstelân útwreiding to siikjen. Syn takomst laei op it wide wetter. Alles dreau nei sé, nei it aventúr, fier, fier om utens, op de paden fen hânnel en skipfeart.

„De Friezen libje as fisken yn it wetter,” stiet al yn it libben fen Bonifacius. En Adam fen Bremen skriuwt: „Men kin allinnich mei it skip by hjarren komme”.

Lâns dy wei waerden hja de greate hânnelsljue yn de Mero-vingyske en Karolingyske tiid. Fen hjarren kriige de Noardsé de namme: Mare Frisicum.



Alkuinus achte it winsklik syn learling Liudger út York mei Fryske keaplje nei Jerope to stjuren (Vita Liudgeri, Cap. 11) en hy trunet syn kleasterbroerren oan:

Carminibus sacris naves implere Fresonum.  
(Mei hillige sangen de Friezene skippen to laden).

De Friezen wierne ek forneamd as bouwers fen de „kogge”. Allerwegens fynt men hjarren yn de 11de—13de ieu as keaplje, kolonisten, avontúrsjue, sêrôvers en krúsfarders. Hjar diedkrêft en drystmoedigens yn nije ûndernimmings joech opsjen. Selst yn it hege Noarden to Birka, in hânnelsformidden yn de Målermar by Stockholm, foun Anskar, de apostel fen de Noaren, in Fryske kolony, dy't yn Dorestêd frijwillich it Kristendom oannommen hie (Vita Anskarii, Cap. 11). Hjar kleurige, wollene mantels wierne troch hiel de Jeropeeske wrâld forneamd. En ek, do't der yn letter ieu in deklap kaem, bleau de sé it libbenselemint fen it Fryske folk.

De Grienlâns-feart hearde yn de 17de en 18e ieu ta ien fen de meast nasjonale bidriuwen. Op 22 Novimber 1634 krige de Harnser boargemaster Hilbrand Dircksz. en Wybe Jansz., boarger to Starum, in oktrooy om for tweintich jier in Kompanije fêst to stellen om lâns de kusten fen Nova Zembla en Spitsbergen op walfisken en sémúnsters jacht to meitsjen. Dy greate tiid hâldde yette inkelde nammen op Spitsbergen yn oantinken, n.l. Wybe Janszwater, Nieuw Friesland en Straat Hinlopen.

Hwet de âlde Hansestêd Starum yette yn 1612 wier, biskriuw't Adam Westerman, griffemeard learaer dêrre mei dizze warden:

Binnen de selve Stadt staen schoone heerlijcke Huysen in goede ordre getimmert, welke seer net ende claer boven eenige Huysen in Vrieslant worden gehouden. De Borgerye en Inwoonderen generen haer seer getrouw ter zee, soo met de Zeevaart, als met de Schepen, ende Reeden aen de selve, daer in sy van haer Jeugt af seer neerstelijcken worden gexerceert, so dat ('t welke waerdig is aengemerckt te worden, na dien daer by de 70 groote Schippers zijn) sy de naeste Zeevaart op de Oostersche Cust hebben, ende uytsteken in de wijtgelegenste Koninkrijcken ende Landen des Werelts. Binnen deselve zijn oock uytnemende verstandighe Stuerluuyden ende Piloten, dewelcke door hare experte kunst de geheele Kloot des Werelts weten om te zeylen. Sy heeft hare Wetten en Privilegien

ghelijck de andere Steden van Vrieslant, en wordt door hare Burghemeesteren, Schepenen ende Raet gheregeert, welke des Woensdaegs de Rechtstoel, ghelijck des Saterdaegs (als het oock weekmarckt is) van den Gerigte der Grietnye van Hemelum, Oldephaert ende Noordwolde wordt bekleet. Een ordinaris Veer wordt met schoone Carvielen alle dagen, sonder te wachten na eenige gety, des Somers tot acht, des Winters tot negen uren gehouden op Enkhuysen ende Amstredam, soo oock ordinaris Vrachtschepen op Sneek en andere Steden.

Dizze selde Griffemearde learaer, dy't yn 1600—1602 stie to Gaest-Ferwâlde, to Starum 1602—1616, to Easterlittens 1616—1619 en to Warkum 1619—1635, liet him net troch de uterlike wolfeart fen dit great sémansbidriuw forbline. Yn al det goud mei syn geblink, oanbrocht troch nearing en keappenskip, skûle in ge-faer. It koe him bisauwe, as de matroazen yn hjar oerdwealskens mei in stik bôlle en in pikelhearring yn 'e hân songen:

Na geen sieckten wy nu vragen,

Hier is onse medecyn,

Die ons qualen kan verjagen

Hier op moet gedroncken zyn.

Hy seach yn de skipfeart in middel om oan de fiere folken it bliidboadskip fen Kristus to bringen. Sels hied er der in skoandere frucht fen sjoen, do't de prinsen fen Amboina hjir ûnderrjuchte waerden yn de Kristlike religy. Twaris hied er mei hjarren oan tafel sitten ûnder it sjongen fen de psalmen 23—25. Mar oars seach er mar al to goed, lyk as Tsjeckmoar by master Gysbert, de seedlike gefaren fen it sémanslibben. Sûnder gebet, sûnder godsilligens gyng men faken de haven út, en nei de reis stoep mannichien de herberch ef it hoerhûs yn om to tarren en to smarren en alderlei godleazens út to heevjen. Ho scoe de seining fen de Alderheechste dêr op rêste kinne?

Om dy to bihâlden en de straffe fen de himel to ûntgaan, skreau er in boek, det er as paedwizer de sémam meijoech op de baren. Hy droech syn Groote Christelycke Zeevaart op oan de Dippe-tearden fen Fryslân, oan de Admiraliteit to Dokkum en de boargemasters fen de sé-stêdden Dokkum, Harns, Warkum, Starum en

Hynlippen. Ds. Bernardus Hesseli to Dokkum, foarseach it fen in Lofdicht.

Westerman syn eachmerk wier om skipper en keapman, oarlochsfolk, sé- en reizende man to learen, ho't men yen yn de freze fen God, godsillich en foarspoedich op reis hâlde en drage moat.

GROOTE CHRISTELYCKE,  
**ZEEVAERT,**

In XXVI. Predikationen,

*Sin manjere van en*

**ZEE-POSTILLE.**

DOOR

**ADAMUM WESTERMANNUM,**

*Bediener der Heiligen Evangelium in  
Worckum in Friesland.*



PA M S T E R D A M.  
Geopit by de Afdrukke van Themas Jacobsz, op 't Waertr  
in de Xloop-tuist. Anno 1660.

Titelblêd fen it âld Sémansboek.

Yn de trant fen in Sépostille, yn 26 predikaesjes en forrike mei forskate gebeden, kristlike lietkes en middels ta tiidfordriuw brocht er det foar it ljocht yn it jier 1611. En it die bliken, det hy in wird delskreaun hie nei it hert fen de séman. Hofolle printingen it yn de 17de ieu bilibbe, stekt net sa nau.

lit bigjint mei dizze dichterlike warskôgings tsjin it roken en de frjemde frouljue:

RAEDEL.

Daer is een kruyt, men siet het eten noch drinken,  
Nochtans kan 't natuer, verstant en memorie krincken,  
Veele 't gelt uyt de buydel, de mot uyt de kleeren houwen,  
En bedroeven op 't hoogst kinderen ende Vrouwen.

TROUHERTIGE AENSPRAEK AEN DEN OOST-  
ENDE WEST-INDIE-VAERDERS.

Wilt ghy verre Reysen varen,  
Na Oost- oft West-Indiën-Land,  
Daer de Sonne vyerigh brandt,  
Wilt de vreemde Vrouwen sparen,  
Neemt oock op u drinken acht,  
En verschoont u kleedren sacht:  
Suyver zijn verlengt u Jaren.

AENSPRAEK TOT DEN ZEEMAN IN 'T GENERAEL,  
OORLOGSVOLCK, ENDE DIE ONDER BESTELLING VAREN.

Ghy stoute kloecke Zeeman, die door de wilde baren  
Soo wijdt en breede reist, uyt 't soete Nederlandt,  
't Zy Oost, West, Zuyd of Noord, om Gout of winst gaet varen,  
Besoezelt uwe eer doch nimmermeer met schandt.  
Al zijt ghy verr' van huys, denckt God die is daer mede,  
Dat menschen niet en sien, siet Godes Ooge wel,  
Die u niet en misdoet, laet varen voort met vrede,  
Maer die u tastet aen, wilt tasten aen zijn vel.  
Soo ghy van Gods gericht zijt uitgesonden boden,  
Wie dat ghy quaet siet doen en laet niet wesen vry.  
Vernielt (het koomt u toe) de Rovers wegh gevlooden,  
Want die den loosen spaert, den vromen quaet doet hy.

De preken binne allegearre skreaun yn de folkstrant, sljucht en rjucht, learsum en tapaslik, smaeklik troch foarbylden, spreuken en fersen út de Hillige Skriften en de klassike skriuwers fen Rome en Griekenlân. De gebeden en tanksizzings, binne for alle mûglike sitewaesjes: yn swiere need, op de galeijen, yn finzenissen bij de Turk ef Barbarijske sérôvers, for walfisk- en hearringfangers, for oarlochsfolk, for widdouwen, dy treurje om forliezen ensfh.

It boek einet mei fromme lietkes yn psalmtoan, stoer en sterk as it Wilhelmus van Nassauwe:

Heer in uwen Name  
Gaen wy 't zeyl ter zee,  
Geeft den wint bequame  
Dat ons reys in vree  
Wy mogen vol-eynden.

Ef:

Sta trou, vecht vroom, ghy Godes knecht,  
Omgort u Lijf met Waerheit,  
Doet aen 't Panzier goet en oprecht  
Der vroomheit, sonder swaerheit.

Men sykhellet hjir yn de sfear fen de ynsoune godsfrucht, dy't ús 17e-ieuwers hiem wier.

Die boek fol fen learing, fol fen eare, hat tûzenen sêljue út de saun gewesten fen de Uny ta in noardstjer west op de ûnwisse weagens en sterke yn hjar noedlik bidriuw. It is Fryslân's eare syn bern op de wide wetters dêrmei tsjinne to hawwen.

### 63. It Fortaelwîrk fen Jhr. Haringh van Harinxma thoe Heech.

Yn it Westen fen it doarp Heech hat in state ef stins stien, eigen oan it adelijke stamhûs van Harinxma, hokker skaei hjir forskate ieuwen bloeid hat. It neamde him nei it wenplak Harinxma thoe Heech.

Yn de tsjerke kin men de grêfstiennen fen dizze edeljue fine. Dêr leit de sark fen Douwe Harinxma thoe Heech (1639) en fen syn frou Anna Christina (1662). Fiif bylden binne dêrop útbeitele: ien ditsen mei in wiele en foarsjoen fen in pinne, in oar mei it opskrift „pro memoria”, en fierder de figuren fen leauwe, hope en ljeafde.

Wier de pinne de stinsbwinners tabitroud, net minder it swird. As men hjar stambeam neigiet, den hat mannichien as Kaptein ef Kommandant for it heitelân de striid fierd sa to lân as to sé. In drager beide fen pinne en fen swird wier de soan fen Douwe van Harinxma en Macnteld van Dunewoldt: Haringh, dy berne waerd 27 Augustus 1604 to Doesburch, dêr't syn heit tinkelik dotiids yn

kening Asa wirdt sein dat er die hwet goed en rjucht wier yn 'e eagen fen syn God, mar der wirdt oan tafoege, hy sei tsjin Juda, hja scoene hjar âffears God siikje en dwaen de wet en it gebot.

### 82. De earste trep fen it bernskip yn Kristus.

Theodorus à Brakel, Trappen des geestelijken levens, 1670, 120—129.

Do't ik bern wier, wier ik ek in bern yn Kristus, hwent sont ik forstân bigoun to krijen en oantinken hie, waerd ik inerlik litsen en socht God to tsjinjen. Myn wenstige tiid wier moarns en jouns myn gebeden to dwaen, sa't de bern it ornaris fen hjar âlden leard hawwe.

Dêrby waerd ik dikmels oantrune ek op oare tiden sa nou en den yn 'e iensumheit to gean, op myn knibbels to fallen en to bidden. Oars hie ik gjin bysûndere en fêste tiden. Ik lies folle yn Gods Wird mei greate earbied en ûntsach, yn sijuchtwei godsillige boekjes en gebedeboekjes. Ik oertocht ek wol Kristus lijen en stjerren, dat er safolle for my dien hie, waerd drôvich oer de sûnde as oarsaek dêrfen. Ik bigoun my ek to ûnthâlden fen spize. Tsjien of alve jier âld, gyng ik to Flissingen faek nei tsjerke en krige greate swietichheit en formeits yn 'e predikaesjes, en dimmenheit foar God. Sont wier it my in swiet fornoegen yn Gods hûs to wêzen, ik hie de learaers ljeaf en yn ûnsizbre achting. Jerne wier ik by dyjingen dy't ik fornaem dat godsillich wierne. Sa holp de Heare my hwet fierder yn 'e godsillichheit.

Net lang dêrnei barde it dat ik yn myn ienlikheit 2 Kor. 6 lies en kommande ta fers 14-16: Lit jimme net ûnder in frjemd jok spanne mei ûnleauwigen. Hwent hwet hat de gerjuchtichheit út to stean mei de ûngerjuchtichheit en hwet mienskip hat it ljocht mei it tsjuster en hwet oerienkomst hat Kristus mei Belial of hwet diel de leauwige mei de ûnleauwige en hwet forbân hat de timpel mei de ôfgoaden? fiedle ik in krêft fen foroaring as in skerp swird troch de siele gean mei sa'n forljochting en fornijing dat ik it net sizze kin. Ik wier foart oanstitsen om God yette mear en iveriger to tsjinjen en alles hwet my dêryn hinderje mocht ôf to snijen, en

dat die ik ek. Myn selskip dat ik Sneintomoarns plichte oan to spreken om mei my nei tsjerke to gean, forliet ik, om't hja middeis de preek altomets forsomje woene en kuijerje. Fen wylde bern hie ik altyd in wearze. De bernlikheden dy't der eartyds nou en den yet wol trochrounen, hâldden yn my op, alhowol ik yette in bern wier. Ik seach nei gjinien om, as hie ik allinnich yn 'e wrâld west en joech my sa hielendal oan de Heare oer mei myn hiele hert. Ik formakke my yn Gods hûs, yn Syn Wird, by de godsilligen en foaral dreau myn geast my ta bidden en dêr iensume plakken for to siikjen.

Do't ik God yn myn bernejierren sa tsjinne, hie ik rêst yn God en do't ik Him mear tsjinne, bigoun dy rêstigers en swietichheit ek heger, libbener, klearder en tearder yn my to wirden, en ik wist net better dat hja my as in genede jown waard om't ik Him tsjinne. Ja, it is my yette swiet as ik deroan tink hokfor formeitsjende rêstigers ik do fielde. Mar lyk as Samuël de Heare yette net rjucht koe, do't er yn syn jonkheit fen de Heare roppen waard, wier yn 't earstoan myn kennisse fen God en de Hillige Trijefâldichheit en fen Christus yette dwelmich en frijhwet tsjuster, hwet ik do net wist, mar neitiid better bioardielje kinnen haw. Ik hearde de learaers altomets preekjen oer blydskip fen 'e geast, oer de foar-smaek fen 'e himel, en ik tocht den faek, hwet mei it dochs wêze? dat ik soks ris fiele mocht.

Sa barde it ris dat ik yn 'e hûs kaem en dêr gjinien trof. Do tocht ik, nou haw ik frijheit om ûnbiskromme to bidden en mei foel it my yn, dat ik ris bidde scoe, dat God my de foarsmaek fen 'e himel, dêr't ik de learaers faek oer preekjen heard hie, nouris smeitsje litte woe. Ik foel op 'e knibbels en bea sa ynmoedich as ik koe, dat Hy my dêryn forhearre woe en my soks jaen. Ik naem it Nije Testamint en socht neffens myn ûnthâld Joh. 16 : 23 op, dêr't Christus seit: Wiswier, wiswier, siz ik jimme, hwer't jimme de Heit om bidde scille, dat scil Er jimme jaen yn myn namme; of it wier Joh. 16 : 13, 14: Hwet jimme ek freegje meije yn myn namme, dat scil Ik dwaen, dat de Heit yn de Soan forhearlike wirdt. As jimme my om hwet freegje yn myn namme, ik scil it dwaen.

En it boek dêr iepen lizzende en de Heare op dat wird wizende, sei ik: Heare, dêr hawwe Jo ûnthjitten, hwet wy bidde scille, dat wolle Jo dwaen; nou den, Heare, jow my neffens jins bilofte de

foarsmaek fen 'e himel ris to fielen. En sa biddende en de biloften de Heare foarhâldende, waard ik einlings sa forblide en myn herte en tinken sa optein, en sa de Heare sjende mei de eagen fen myn siele, sa mei God forienige en as yn God brocht en tagelyk sa fol fen sokken blydskip, rêst en swietichheit, dat ik it net sizze kin. Hwnt it wier fen it manna dat forbirgen is, en dy wite karstien dêr't in nije namme op skreaun is, dy't gjinien wit as dy't him ûntfangt. Dêrnei gyng ik mei de keamerling myn wei mei blydskip, en ik wier wol twa, trije dagen mei myn moed yn 'e himel en of seach ik de Heare en dat mei in blide en njuefolle siele. Mar allinkendewei bigoun it wer to minderjen. Ik sei dêr gjinien hwet fen, mar gyng yn myn ienfâld as in bern, as mei God allinne, troch mei God to tsjinjen yn swietens en formeits.

Mar it bigoun to foroarjen do't ik omtrint sechtsjin jier âld waard. Dy swiete rêstigers fordwoun, swiere oanfuchtingen kamen yn it plak. Myn sûnden wierne my as hege bergen. God rekke my út it gesicht wei, myn hert wier safier fen Him ôf dat ik Him noch sjen noch fine koe. Ik hie noed, gjin bern fen God to wêzen, en dat der for my gjin genede wier. Ik waard bistriden dat ik tsjin de Hillige Geast sûndige hie en dêrom net op forjowing hie to hoopjen. It like my ta, ik hie nea de rjuchte godlike drôvenis oer myn sûnden hawn en nea God yn dimmenheit en oprjuchtheit tsjinne. Ik tocht dat der gjin minske op ierde wier lyk as ik. De divel bisprong my mei safolle heislake tinzen en forjoech myn siele sa mei syn gleone pylken, dat ik it net forhelje kin noch doar. Ja, myn wil en al hwet yn my wier, krige fûle oanstriid, en wier altomets likernôch sûnder krêft. De eangsten fen 'e hel taestten my oan, it wier oft de hel iepengyng om my to forslinen en oft it fjûr fen 'e hel my al oan-sloech; himel en ierde wierne my to eang en to binaud.

Yn it koart, de swiete fieling fen Gods genede en de klearheit fen it geastlik gesicht wier wei en bleau lange jierren wei, en de dagen fen binearing griepen my oan lyk as Job seit (23 : 8, 9): Sjuch, as ik foarút gean, den is Hy der net, of efterút, den fornim ik Him net. As Er lofts wirket, den oanskôgje ik Him net; bûch ik my rjuchts, den sjuch ik Him net.

En fen al soks, sei ik gjinien hwet, oant it op 't lêst mirken waard. Under de preek, dêr't ik fakentiids ûnbidich binaud wier, naem ik my wol foar, myn steat oan in learaer to iepenbierjen, mar as

ik nei him ta scoe, skamme ik my en doarst net; ek wier it oft de binearing den hwet lichte.

Mar yn al dy striid joech God my altyd yette de genede, dat ik de middels net neiliet, mar mei bidden en God tsjinjen trochgyng lyk as alearen.

En nei forrin fen jierren bigoun dy fûleindige striid him hwet del to jaen en myn leauwe bigoun sterker to wurden, al wier de Heare yette al folle út myn sicht. En nou en den bigoun in oare blydskip yn my to kommen en op in oare wize as yn myn earste bigjin, mar it gyng net sûnder folle gebet en algedurich oanhâlden.

### 83. Utein fen Theodorus à Brakel.

Taheakke fen Trappen des geestelycken levens, 1670, 428—438.

Yn it lêst fen syn libben hat Theodorus à Brakel, harder en learaer to Makkum, twa swiere slaggen fen 'e hân des Heare ûntfongen; de iene yn it forlies fen syn bern, de oare yn syn eigen lichem.

Hy hie fiif folwoechsen dochters dy't allegearre de Heare koene en frezen, en in soan. Hja wierne him ta greate blydskip en formeits, mar it hage de Heare him dêrfen to birôvjen, op syn soan nei.

Syn op ien nei âldste dochter, dy't útblonk binammen yn godsilichheit, stoar yn 'e tarring, en wylst hja ré stiene om it lyk út to dragen, kaem der in boade mei de tyngde dat ien fen syn dochters, in tige tsjep frommis, by Starum troch it omslaen fen in skip yn sé fordronken wier, mei yette tsjien oaren. Dat trof syn hert op 'e dead ôf. Hja hearden in skoft gjin wird út syn mûle, as einlings ditte: „Ik hie net tocht dat myn God my sa hird en mei sa'n bisikinge bisocht hawwe scoe." Dy drôvenis waard forswiere troch it to siik bliuwen fen it lyk, dat net to finen wier foar de saunde deis.

In jier neitiid stoar de trêdde dochter, oer hwaens forstân ider leard minske forsteld stie. Dêr moast ek in forswierjende omstannichheit by komme, hwent hja krige swiere treminen dêr't hja de spraek troch forlear, en in biroerte oan 'e iene side, en sa in deimannich lizzende, briek hja it hert fen alle omstanners en allemeast fen hjar mem. Amper hie de tiid dy smerte hwet draechliker

makke, of in jier dêrnei stoar ek syn jongste dochter, en dat ek dat wer net sûnder forswiering wêze scoe, oan 'e pest.

In skoft dêrnei stoar hastich syn âldste dochter dy troud wier en fiif bern neiliet. Sa waard er fen bern birôve, hwet him sa bineare, dat de fleur fen alearen net mear oan him to fornimmen wier.

In healjier foar syn dea sprong him in ier yn 'e lange, det it like hy scoe deabliede, mar it wier syn tiid yette net, lykwols stoar er fen dy tiid ôf. Hy rekke seis wike neitiid wol wer op 'e stoel en die syn tsjinst lyk as foartiid, mar hy hie oanienwei koarts en tarde út ûnder swiere binaudheden. Dat dûrre oant de trettiinde deis fen Jannewaerje 1669, do't er de moarns preke út Iepenbiering 7 : 11. De neimiddels bihannelde er de trêdde Snein út 'e Katechismus. Thúskommen sei er tsjin syn frou: „Nou haw ik dien." Do't de fjurrige koartsen en binearingen oanboazen, sei er de Tongerdeis tsjin hjar det er wolris for it lêst nei syn keamer woe. Nei in ûre toevjen kaem er ûnder, gyng lizzen en joech oarder om syn soan to heljen, dy't de Freed, 6 Febrewaerje, kommende en syn heit groete hawwende, ta in andert krige: „Tsjien dagen, soane, tsjien dagen"! lyk as er ek de tsjiende deis dêrnei stoarn is.

De rêstdeis, 8 Febrewaerje, kaem de hiele tsjerkerie by him op sikebisiik. Hy formoanne hjar sterk ta ienriedichheit en fordraechsumheit, sizzende ûnder oare reden: „Jimme witte ho't ik fordroegen en tajown haw." Hy formoanne hjar ek ta trou en warberens om yn it ôfwêzen fen in learaer mei alle macht noed to stean fen 'e gemeinte en hjar to regearjen. Ek hâldde er hjarren inkele kentekens foar fen in tsjoede en fen in goede harder, om dêr by it kiezen fen in oare learaer om to tinken, en fen dy ûre ôf de lêst fen 'e gemeinte op hjar skouders lizzende, naem er ôfskied fen hjarren, hwet in great geskriem fen 'e tsjerkeriedsleden en oare bywêzigen joech.

Nei de Snein frege de soan him, ho't de Heare him alearen wissichheit jown hie fen syn ropping ta it learaersampt, do't er dêr tige oer yn noed siet.

Ik waard — sa forhelle er do — fen folle, ûnder oaren fen ds. Rippertus Sixti, tige oantreastge om my eksaminearje to litten. Myn gewisse liet my ek net mei rêst, ik doarst my net werom lûke, mar ik doarst de tsjinst ek net oannimme, om't ik net wist oft ik fen de Heare roppen wier of net, alhowol't myn sibbe frjeon

dr. Meynardus Schotanus, dodestiids professor yn 'e theology to Frentsjer, my dêrfen bisocht to oertsjûgjen yn in brief. Nou barde it my op in nacht dat de himel him iepene; it wier sa hearlik dat ik it net uterje noch earne by forlykje kin. Ult 'e iepen himel kaem in ljocht, dêr't ek it klearste sinneljocht net by helle en in stim: „Ik haw dy derta roppen, ja Ik haw der dy ta roppen.” Ik wist wol dat de Heare dat ta my spriek, en it wier my genôch, ik wier bliid, en optein en moedich bijoeh ik my ta it wirk en liet my eksaminearje. Hwet syn geastlike steat oanbilanget, seach men dat er de Heare jimmeroan foar eagen hâldde, fen Him dy sykte ûntfong en mei stil gedild him deljoech. Hy hie in tige langst nei de tiid fen syn ûntbining, en as er bitocht dat dy tiid sa neioan wier, forblide er him en sei altomets: „O hwet sil ik de Heare net to sizzen hawwe, as ik by Him kom!”

Syn soan bigearde fen him dat er him seingje woe, ear't er stoar, mar hâldde dat forsiik foar him, wol krige er ytlieke ûnderwizingen en formoanningen: Bid folle, lêz folle yn Gods Wird, sjong folle Davids psalmen, dat forkwikt de geast, brûk bytiden in forkwikking for it lichem, spize en drank en sawet hinne; det ik it net dien haw, is om't ik gjin learmaster hie dy't my warskôge; ik die it om sa it bêst nederich to bliuwen; men kin yens lichem to folle bilêstigje. Nou en den spize brûkende, sei er: „Ik yt net út sin, mar om it gewisse”.

Hy hâldde him krekt oan syn wenstige tiden fen oefening. Den wier er stil, ho binaud er ek wier. Hwet him yn 'e sykte it swierste foel, wier det er troch de pynlikens en swierrichheit fen it lichem de ynfloeden fen 'e Geast miste, dy't er yn syn oefening plichte to ûntfangen.

De sabbat dêr't er yn syn tsjinst sa for striden, ta hwaens hilliging hy sa oantrastge hie en dêr't er sa'n treflik foarbyld yn west hie, hillige er ek yette yn syn sykte, makke him dêr de Snjeons tsjin 'e joun for ré, en woe fen dy tiid ôf oer gjin ierdske dingen prate, noch praten hearre.

As er net mei immen spriek, spriek er altyd op in tige minlike, gemiensume en earbiedige wize ta God, nacht en dei, net allinne wekker mar ek yn 'e sliiep. As men stil, bûten syn witten, by it bêd kaem en by syn holle stean gong, koe men alles hearre en forstean; det er slipte koe men net hearre út de reden, mar den koe men

him makliker binei komme, en den wier de stim hwet troch de noas. Dy ienheit en omgong kin ik net uterje; al hie ik oars gjin stichting fen syn sykte hawn as dat to hearren en to sjen, ik hie genôch hawn om salang as ik libje it my foar to stellen, en dat alle minske sillichheit is yn 'e mienskip mei God, en hwet it is mei God to gean, ho't in skepsel him tagelyk fornedret foar Gods heechheit, en frijmoechheit hat troch Gods goedheit, en ho kostlik it is troch de Midler ta to gean en yn him yen by God to hâlden. Dêr is in great ûnder-skied yn, oft men dy dingen forkindigjen heart of se bioefenjen sjucht, bûten it witten fen hwa't it bioefenet.

Do't de krêften yn 'e lêste twa of trije dagen mear en mear ôfnamen, fielde er dat yn 'e sliiep, dy't komselden langer as in ker-tier dûrre, de tinzen omdoarmen, en om dat foar to kommen bigearde er net mear to sliepen, en forsocht er him iderkear wekker to meitsjen. Hy liet folle yn Gods Wird lêze, en troch de earbied dy't er for de sprekkende God hie, koed er him tige forhâlde en wekker bliuwe.

De Freeds de toalfte of de Snjeons de trettjinde takommen oan it sechstichste haedstrik fen 'e profeet, lies er de lêste haedstikken foarút. Dêrop bigoun er to sprekken oer de bikearing fen 'e Joaden en hjar nije steat fen Christus' Tsjerke op ierde.

De Snjeontomoarns rôp er syn soan. Do't dy by him kaem, gong er oerein en die syn mûle op mei seiningen oer him út to sprekken, dy't ek wol hwet it lichem oanbilangen, mar yn haedsaek geastlik wierne, en alderearst sloegen op 'e bikearing fen de sielen en de opbou fen Christus' keninkryk, dêrmei neikommende hwet syn soan in deimannich earder fen him forwachte hie.

Inkelde ûren dêrnei kaem de âldste soan fen syn dochter, Jodocus Reddingius, in bern fen likernôch fjirtjin jier, út Frentsjer, dêr't er op skoalle gong, sûnder ûntbean to wêzen of to witten fen syn pake sykte. De geast fen 'e âldman like op to libjen sa gau't er him seach, en spriek folle hearlike seiningen oer him út.

De neimiddeis, do't hja elk amerij de dea forwachten, naem er pinne, inket en pompier, en skreau yette in brief oan Anna Nederhof, widdou Boelens, dêr't er tige fen hâldde.

Dy nacht waerd trochbrocht yn greate binaudheit, en hy treaste syn frou en soan oan, hwent hy bigearde nachts 'gjinien oars by him, en oerdeis hier er ek ljeafst ien fen hjarren by him, lyk as hja

trochstrings beide nacht en dei ek by him wierne, en dêrtroch alhielendal ôfmêdde wierne. Hy spriek hjarren moed yn, sizzende, hja scene mei gauwens rêst hawwe, en treaste syn frou oer syn ôfsjerren, en formoanne syn soan ta inkele plichten bilangjende syn mem.

De rêstdei, 14 Jannewaerje, om saun ûre hinne de moarns, wier syn soan allinne by him yn 'e keamer. Hy siet oerein, en spriek mei syn soan. Do't it efkes stil wier, seach er syn soan oan en sei: „Hwet for trommen binne dêr?“ In setsje dêrnei: „Ik hear dêr ek trompetten.“ Dêrnei stiek er de rjuchterhân op, sloech syn eagen omheech as ien dy't yn greate forwûndering en need is, en sei: „O hwet binne dêr in trommen en trompetten!“ It roun syn soan kâld oer de lea, hwent, tocht er, it is in foarsizzing fen oarloch, heit hat ús wol near wichtige takommende foarsizzingen dien dy't útkommen binne.

„Ik hear neat“, antwirde er, „mar wy scille der om tinke.“ En yn it jier 1672 is it útkommen.

Efkes oer achten sei er tsjin syn soan: „Rop mem.“ Hja wier alhielendal to'n ein yn in oare keamer lizzen gien. Mar om't er syn mem jerne hwet rêst ta hie, liet er it. De sike lykwols frege wer: „Rop mem.“ — „Mar mem leit en is sa wirch.“ Wer wier it antwird: „Rop mem.“ It barde en do't hja yn 'e keamer kamen, sei er: „Lit ús yetris meïnoar bidde.“ Hja knibbelen, en do die er swietfierich en gemiensum sa'n krêftich gebet ta God, mei sa'n lûde stimme as er ornaris syn húsgebeden plichte to dwaen. Do sloech er de eagen op nei de himel en rôp mei de earmen omheech. „Nou, o Heit, yn jins hannen bitrou ik myn geast. Nou, o Soan, yn jins hannen bitrou ik myn geast.“ En dêrop hannen en foetten lizzende yn stjerrende houding, spriek er stil ta God.

„De gemeente wier ûnderwilens yn 'e tsjerke gear. Hja hie de soan frege to preekjen en it Nachtmiel to bitsinjen. Hwet moast er nou? Hjar wachtsje litte of gean? „Heit“, sei er, it is tiid dat ik gean, de Heare sij mei jo.“ — „Ja, it is tiid“, wier it antwird, „de Heare sij ek mei dy.“ Do't er him wer ta God kearde en mei God spriek, toeve de soan yette efkes, lei de hân op syn heite earm en fielde de pols. Hja sloech net mear. — „Heit“, sei er, „de Heare sij mei jo.“ Hy antwirde: „de Heare sij mei dy en mei ús alle-

gearre.“ Dêrop forliet de siele it lichem. It wier de 14de deis fen Febrewaerje 1669, efkes foar njugenen. Sa is er op in rêstdei, dy't er mei ûnbidigen blydskip plichte to hilligjen, yngien yn 'e ivige rêst. Op 'e ûre det er plichte út to gean om Christus to forkindigjen, is er gien ta Him dy't him stjûrd hie, om to sjen en to priuwen hwet er oaren foarhâlden hie: Op dy tiid dat er mei syn gemeente it Nachtmiel genietsje scoe, is er oangien mei Abraham, Izaäk en Jakob oan 'e brilloft fen it Laem.

#### 84. Oanspraek oan de sljuchtwei Mennisten.

Van de Gronden der Mennistry ofte Waerschouwinghe over 't Bloedtooneel der Doopsgezinde van Thieleman Jansz van Bracht door Christianum Scholanum, Leraar der Heyliger Schrift in de Academie van Franeker. tot Leeuwarden, bij Pieter Allerts van Tongheren, boeckverkooper in de Posttraet, 1671, bl. 407—415.

Biminde, fromme, earsume frjeonen, hwaens sillichheit ik fen herten siikje, winskje en fen God bid! Wy hawwe yn it foargeande skrift sjen litten dat de grounen fen de Mennisterij net to finen binne yn it wiere en âlde Kristendom en yn 'e tsjerke fen Christus, fen 'e apostolyske tiden ôf, oant nou ta biwarre; ek net hwet it stik fen 'e bernedoop oanbilanget, dêr't jimme lieder dy't jimme forblynje en misliede, yn haedsaek op stean en romje. Hja hawwe de forbjusteren ek thúsbrocht yn hjar heitelân en slachte. Hja binne út Jan Matthijsz en de forflokke beam dy't syn forgiftige fruchten op Munster, Amsterdam, Oldekleaster ensfh. falle, berneje en útsprute litten hat. Dat kin gjimien ljeagen hjitte as mei in ûnbiskamme oantlit en ljeagenhafte tonge. En sokken lasterlik hert hat in gewisse dat mei in brânizer taskroeid is.

Mar, scif immen sizze, lit dat sa wêze, dat Menne Symens' en Dirck Philips' sinding en komôf út Jan Matthijsz is, lyk as ek Jan van Leyden, de kening fen Munster, mar Menne en Dirck hawwe dochs nea dy learingen en botte dwalingen meistimd en oanhongen. — Hja hawwe dy dwalingen bistraft en foaroardiele. — Sa bikenne hja den dat deselde geast hjar stjûrd hat, dy to Munster en op oare plakken sa raesd en woede hat. Hwent Jan Matthijsz skikte troch driuwing fen deselde geast twa nei Ljouwert, en twa nei Munster.

oar oantinken fen my hâlde as fen in trouwe man en heit, myn ljeave frou dy't yn dy 30 jier safolle sûr en bitter, mear as swiet, mei my smakke hat, hjar trou forjilde en hjar leed forsêftsje en hjar bystean oan 'e ein ta. Myn ljeave bern dêr't ik fen 'e acht yette trije bihâlden en ta ripe âlderdom brocht haw, mei heite goedens to dekken en to stypjen; dat hja troch Gods freze yn it hert to hâlden en yn hjar wirken to iepenbierjen, hjar eigen bêst bifoarderje, en hjar heite goede namme biwarje, en hjar deugdsume mem op 'e âlde dei ta treat en stipe binne.

Hwet haw ik for it lêste den yette mear to sizzen, ljeave God? Hwet haw ik yn dizze wrâld noch fêst te hâlden, as it Jo biljeavet my los to meitsjen, om to gean de wei fen de hiele ierde en fen alle flêsk? Ik bin nou 63 jier en ik sjuch pas yn 'e wrâld, en hwet mear ik dêryn sjuch, hwet mear hja my mishaget. Hjir is dochs gjin bileanning to forwachtsjen. Ik haw folle lêzen en heard, ik haw sels sjoen, en hwet ik ûnderfoun haw, treft my meast. Mar hwet wol ik hjir yette mear bigjinne, oermits myn tiid foarby is? En hwet kin ik folle útrjuchtsje nei de 63 jier, al scoene hja oan 'e tachtich ta rinne? It scoe mar om sauntjin to dwaen wêze en de lêste grif net better as de earste. Ik scoe faeks mear leare kinne, mar hwet scoe ik dwaen kinne? Yn 'e earste jierren woechs ik oan yn krêft, nou wirdt it minder en hwet scil it oare wêze? Nou rint de dei mei my nei de ein, en hwet is it lean yn dizze wrâld? Bin ik in deihiersman dy't oan myn dei bihagen hawwe kin, as ik it lean yn dizze wrâld siikje? Mar God is myn skyld, myn lean tige great. Jow my, myn God, mar wol to libjen, lang of koart, de tiid waert to nimmen, om't dizze dagen tsjoeder wêze scille as de earste. Ik bin neat fenneden as allinne mei gerêstens út dit libjen to forhúzjen, wachtsjende op 'e ûre, dy't dêrta fen Jo ornearre is, dat ik myn Sillichmakker sjen en ivich yn 'e blydskip fen 'e himel libje scil.

## 99. Oer it sjongen.

W. à Brakel, Redelyke Godtsdienst, Rotterdam 1700,  
dl. II, 506-507.

It moat yen binije, dat de godsilligen yn Nederlân sa'n bytsje nocht hawwe oan sjongen, en it ek sa'n bytsje dogge. It is wier,

it is de slûgens fen ús naesje boppe folle oaren net folle to sjongen. Lykwols, de wrâldske minsken sjonge aerdich hwet, mar it binne idele lieten, dy't it herte oantreastje ta idelheit en ûncarberheit. Ho komt it dochs, dat de godsilligen trochstrings stom binne? De ien seit: Ik sit yn swierrichheit; in oar: Ik haw gjin stim; in trêdden: Ik kin gjin wize hâlde; in fjirden ien: Ik doar net om't de bûrren it hearre scoene en hâld my for in skynhillige. Mar dêr leit it net sa lyk oan; it sin is der net. Wier it hert geastliker en blider, men scoe de Hearre wol mear loovje mei optein sjongen en yensels en oaren dêrtroch oanmoedigje. Ik haw it net allinne oer it sjongen yn 'e tsjerke, dêr't folle net iennis meisjonge, en it mei somliken al moai is, dat hja de psalm stom neisjuge.

Dêrom is it nedich dat ik elkenien ta sjongen oantreastigje, net allinne fen psalmen, mar ek fen geastlike lieten. Nou den, leauwi-gen, fordriuw de slûgens. Tsjinje de Hearre mei blydskip en kom foar syn oantit mei jubell!

Wit, dat it net in twiskenbeiden ding is, dat jimme dwaen of litte meije. Mar it is in gebot fen God. God easket it fen jimme. God wol fen jimme op dy wize tsjinne wirde. Printsje dat gebot yn jimme hert en gean dy plicht mei in hearrich herte oan, brek de mûle iepen, en jimme ticht herte scil ek iepengean.

God hat it de minsklike natuer ynскеpen. Sjach it oan 'e bern-tsjes fen trije of fjouwer jier. Slaen acht ho't dy yn 'e hûs omrinne, al sjongende. Sjach it oan de natuer sels fen 'e fûgeltsjes, ho't hja moarns ier al hjar Skepper op hjar wize al sjongende loovje. Gean moarns mar bûten doar, of hawwe jimme fûgeltsjes yn 'e hûs, jimme hearre it. Scille de fûgeltsjes en de lytse bern jimme bi-straaffe, en jimme, wylst jimme de greatste reden fen 'e wrâld hawwe om bliid to sjongen, scille jimme stom wêze en swije?

It is ingelewirk, dy forhearliking fen God mei gesang. It is it wirk fen 'e tsjerke op ierde en yn 'e himel. En hja songen in nij liet, sizzende: Jo binne weardich it boek to nimmen en syn segels to iepenjen; hwent jo binne slachte en jo hawwe ús for God kocht mei jins bloed út alle stamme en tael en folk en naesje. Hja songen in nij liet foar 'e troan en foar 'e fjouwer dieren en de âldsten, en gjinien koe dat liet leare as de hûndert fjouwer en fjirtich tûzen, dy't fen 'e ierde kocht wierne. En hja songen it liet fen Mozes, Gods tsjinstfeint, en it liet fen it Laem, sizzende: Great en wûnder binne



Jins wirken, o Hearre God, Jo Almachtige; rjuchtfeardich en wierhaftich binne Jins wegen, o folkene kening. (Iepenb. f. Joh. 15 : 3).

Hawwe jimme gjin nocht oan sjongen, hwet scille jimme yn tsjerke en yn 'e himel dwaen? En as jimme bigearte hawwe om de Hearre den to forhearlikjen mei it ivich hallelujah, bigjin den nou op ierde.

God hat in wûnder bihagen dat syn bern Him mei sjongen loovje. Dêr't men de Hearre swietlûdich lovet mei sjongen, dêr komt de Hearre mei seiningen. Ps. 22 : 4. Jo binne hillich, troanjende op Israëls lofsangen. It is opmerklik hwet barde by de ynwijing fen 'e timpel, 2 Kron. 5 : 13. En it barde do't de trompetters en de sjongers allegearre mei-inoar in ienstimmich lûd hearre lieten om de Hearre to priizgien en to loovjen, en do't hja it lûd útsetten mei de trompetten en mei de simbale en mei de oare muzykynstreminten en mei: Loovje de Hearre, hwent Hy is goed, hwent Syn genede is oant yn ivichheit! do waerd it hûs des Hearre fol fen in wolk, dat de preesters fen wegen de wolk net stean koene om tsjinst to dwaen, hwent de hearlikheit des Hearre folle it Godshûs.

Do't Josaphat mei syn leger in jubelrop en lofsang ynsette sloech de Hearre hjar fijânnen. Do't Paulus en Silas om midnacht hinne yn 'e finzenis God lofsangen songen, waerden de doarren fen 'e finzenis iepene en de keatlingen fen alle finzenen waerden los. Jimme den dy't bigearre de Hearre haechlik to wêzen, en jerne de komst des Hearre ta jimme siele en syn help hiene wen jimme ta sjongen.

It sjongen roert it hert, dat yn it bidden fakentiids ûnforwechlik bliuwt. Der kin wol songen wurde dat de triennen op it boek driipe, en hawwe jimme it net mear as ienris ûnderfoun? Binne jimme ek wol net opfleure troch it sjongen hearren fen oaren? Nou den, oaren scille ek troch jimme gesang opfleure wurde. Dat wisten de Roomsken yn Frankryk, dy't it sjongen fen psalmen dêrom skerp forbeaën, en wreed straften, ek ear't hja de Tsjerke útroegen. Nou den, wêz net mear sa stom, mar set jimme lûd út, ta spyt fen 'e divel en alle fijannen fen God, en ta eare en forhearliking fen God, dy't jimme safolle goed dien hat en yette docht, dat jimme Him oars net as mei lofsangen tankje kinne. Ek, om oaren mei libben to meitsjen, dat hja God mei blydskip tsjinje. Den scil it iepenbier wurde foar alle natuerlike minsken, dat Godsillichheit

gjin drôvich, mar in bliid libben is. En hja scille der ek sin oan krije. En as jimme sjonge, sjong mei forstân, mei hertlike bigearte, yn it bywêzen fen 'e Hearre, en mei sa'n earbied, mei sa'n sedige stimmichheit, mei sa'n oandacht yn herte en oantlit, dat it de Hearre allegearre foechsum wêze mei, en ta stichtinge fen oaren dy't om ús hinne binne.

## 100. De Gouden Ljochter.

Naagedachten, zijnde een schriftmatige Verklaringe en practicale toeëygeninge van het voortreffelijke achtste Capittel des sendbriets Pauli aan den Romeynen, waar by gevoegt is een verklaringe over de Lofsangen van Maria, Zacharias en Simeon, alsmede van eenige andere besondere stoffe des O. en des N. Testaments, door Dominicus Goltzius, predikant tot Hindeloopen. Amstel-dam, 1705, bl. 593—601.

Hwennear't de apostel Paulus seit (Hebr. 10 : 1) dat de Wet in skaed hat fen it takommend goed, den forstiet er dêr ûnder de wet fen 'e seremoniën en de hiele seremoniële godstjinst fen it âlde folk. En as er dêrfen tsjûget dat dy in skaed hie, dat is in rûch bistek of tsjustere ôfbylding fen takommend goed, den hat er it each op it geastlik en ivich goed, dat ús yn it Nije Testamint troch Christus woun en meidiel wurde scoe, lyk as dy dêrom ek neamd wirdt de hegepreester fen it takommende goed (Hebr. 9 : 11).

Dêr meije wy al út bislute dat dy seremoniële godstjinst bysûndere oandacht wirdich is, en wol fen ús, Christenen, dy't net hawwe it skaed fen it takommend goed, mar it byld sels fen 'e saken, dat is Christus mei al syn fortsjinne woldieden en genede-jeften. En dat nammersto mear as wy ris oertinke dat God binammen soarge hat, dat it hillichdom fen 'e tabernakel, dêr't de hillige dingen yn wierne, soarchsum, oarderlik en sierlik bouwd wurde scoe. En dat Er oan 'e opdracht oan Mozes mear tiid bistelle wollen hat as oan it bouwen fen himel en ierde, dêr't Er seis dagen oer dien hie, wylst Er fjirtich dagen naem, om Mozes to ûnderrjuchtsjen oangeande de tabernakel; as woed Er dêrmei leare dat dat genede-wirk fen greater bilang en wûnderliker wier as it earste wirk yn de natuer. Yn dat wirk wurde iepenbier Gods deugden en folstein-